


Rûteplanner Spoar 8 groep 8 - Frysk

De Rûteplanner wiist dy it paad
troch dyn Fryske lessen!



Rûte groep 8

oersjoch fan lesmominten en ûnderdielen

lesmomint	type	titel/ynhâld	(haad)doelen*
1	Taalaktiviteit	Meitsje it mei technyk - De learlingen meitsje in ynfografic oer in technysk berop	Yn petear A1/A2 Skriuwen A1/A2
2	GRIP	BasisFrisia - wurdskattoets	
3	Stavering en Skriuwen	eo en Meunstertún	
4	Boekles	Jesse - ideeën yn de lesbrief	Harkjen A1/A2 Lêzen A1/B1 Yn petear A1/A2
5, 6, 7, 8	Projekt	Praat mar Toaniel - Jungleboek - Toaniellêze en -spylje, mei yndividuele opdrachten. Tema: kultuer/natuer	Lêzen A1/A2 Yn petear B1
9	Stavering en Skriuwen	eau en Meunstertún	
10	Taalaktiviteit	Promoatsje dyn sportferiening - De learlingen meitsje in poster om harren favorite sportklup te promoatsjen.	Skriuwen A1/A2 Lêzen A2
11, 12, 13, 14	Projekt en observaasje	Sa dogge wy dat hjir - De learlingen meitsje in muorrekrante oer in pleatslike tradysje. Mei yndividuele opdrachten - It observaasjeinstrumint 'Mûnling oerlis' en/of 'Skriftlik nijsberjocht' kin ynset wurde.	Lêzen A2 Skriuwen B1 Yn petear A2
15	Stavering en Skriuwen	iuw en Meunstertún	
16	Boekles	Hero - ideeën yn de lesbrief	Harkjen A1/A2 Lêzen A1/A2 Yn petear A1/A2

lesmomint	type	titel/ynhâld	(haad)doelen*
17, 18, 19, 20	Projekt	Tiid foar de takomst - De learlingen meitsje in tiidkapsule mei ferhalen fan no en ferwachtingen foar de takomst. Mei yndividuele opdrachten.	Skriuwen A2/B1
21	Stavering en Skriuwen	w en Meunstertún	
22	Taalaktiviteit	Eise Eisinga - De learlingen leare en skriuwe oer it libben en wurk fan Eise Eisinga	Lêzen A1/A2 Skriuwen A2
23, 24, 25, 26	Projekt	De krêft fan de natuer - De learlingen meitsje in stappeplan foar in eksperimint en litte dat ek útfiere. Mei yndividuele opdrachten	Lêzen A2/B1 Skriuwen A2 Yn petear A2/B1
27	Stavering en Skriuwen	Stomme letters en Meunstertún	
28	Taalaktiviteit	Lekke bân, wat no? - De learlingen leare hoe't se in fytsbân plakke en meitsje in stappeplan.	Harkjen A2/B1 Sprekke A2
29	Grip	Lêsbegryp - toets	
30	Stavering en Skriuwen	hj en Meunstertún	

-  Taalaktiviteit
-  Projekt
-  Lêsaktiviteit: Boekpromoasje
-  Stavering en skriuwen
-  Evaluaasjemomint

Oan 'e ein fan it skoaljier (maaie-juny) kinne learlingen fan groep 8 meidwaan oan it Lyts Frysk Diktee. Hâld dêrfoar de nijsberjochten yn 'e gaten.

* Oan dizze taaldomeinen en nivo's wurdt meinammen wurke. De doelen en nivo's kinne per groep en sels per learling ferskille. Tips hjirfoar wurde jûn yn de hantliedingen by de ûnderdielen. Om't taal altyd oer mear giet as de taal, wurdt ek wurke oan doelen foar oare fakgebieten.

1 Meitsje it mei technyk

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen meitsje in ynfographic oer in technysk berop.

Tiidpaad

50 minuten.

Doelen

Mei dizze Taalaktiviteit wurdt wurke oan de folgjende doelen:

- De learlingen betinke mei-inoar ûndersyksfragen oer in technysk berop (Yn Petear/A1/Kin ynformaasje freegje of jaan en Yn Petear/A2/Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje).
- De learlingen skriuwe koarte teksten foar de ynfographic (Skriuwen/A1/Kin wat oer him-/harsels of oaren opskriuwe en Skriuwen/A2/Kin in persoan (berop) beskriuwe).

Tarieding

- Tink nei oer de term 'technysk berop'. Wat is dat? By 'De taalaktiviteit' is in listje mei in pear foarbylden fan technyske beroppen te finen. Dat listje is fansels lang net kompleet, mar is bedoeld om in idee te jaan fan it grutte ferskaat dat der is oan technyske beroppen.
- Om de learlingen helpe te kinnen by it sykjen nei ynformaasje kin it handich wêze om sels alfêst in oantal boeken oer beroppen en geskikte websites op te sykjen. Tink bygelyks oan docukit.nl, dêr't oer alderhande ûnderwerpen ynformaasje foar bern te finen is.
- Is de wurkfoarm 'ynfographic meitsje' noch net bekend? By in ynfographic giet it om it jaan fan ynformaasje oer in ûnderwerp (yn dit gefal: in technysk berop) mei help fan in soad fisuele stipe. By de taalaktiviteit is in stappeplan foar it meitsjen fan in ynfographic te finen. Sykje ek op ynternet alfêst foarbylden op om sjen litte te kinnen by de útlis fan de opdracht.
- Tink nei oer de organisaasje. Meitsje twa- of trijetallen op basis fan thústaal en taalnivo. Frysktalige learlingen kinne sa net-Frysktalige learlingen helpe mei it Frysk yn it oerlis en by it skriuwen.
- Tink nei oer de útfiering: meitsje se de ynfographic analooch? Dan is der tekenpapier (net te lyts), tekenark, in skjirre en lym nedich. Meitsje se de ynfographic digitaal? Dêr soe PowerPoint foar brûkt wurde kinne, mar der binne ek websites dêr'tst fergees ynfographics meitsje kinst. Foarbylden dêrfan binne canva.com, vizualize.me en easel.ly. It is wol handich om dêr foarôf mei de groep even mei te oefenjen,

Beskriuwing

1. Yntroduksje fan it ûnderwerp.
Technyske beroppen binne der yn alderhande soarten. Wat is in technysk berop eins? Wat is 'technyk'? Kinne de learlingen in oantal technyske beroppen opneame? Beroppen yn 'e bou lizze dêrby foar de hân, mar tink ek oan oare sektoaren, lykas plysjewurk, beroppen yn de ICT, medysk ûndersyk, telefyzje en teäter ensfh. By de taalaktiviteit is in listje te finen mei foarbylden fan technyske beroppen, mar miskien witte de learlingen noch wol folle mear op te neamen.
2. Utlis fan de opdracht.
Fertel de learlingen dat sy in ynfographic meitsje sille oer in technysk berop. Lit in oantal foarbylden sjen fan ynfographics en stean stil by hoe't dat derútsjocht. In ynfographic jout ynformaasje yn koarte teksten en mei in soad fisuele stipe. In stappeplan foar it meitsjen fan in ynfographic is te finen by de taalaktiviteit. Praat mei de learlingen oer de ûndersyksfragen dy't sy stelle kinne oer in technysk berop. Goede ûndersyksfragen begjinne faak mei 'wat', 'hoe', 'wêr', 'wa', 'watfoar'. Betink mei de learlingen in oantal fragen of lit de learlingen dat yn harren twa- of trijetallen dwaan (nivo ** en ***). Bygelyks: Watfoar wurksumheden docht ien mei dat berop? Wêr wurket ien mei dat berop? Watfoar klean draacht ien mei dat berop? Watfoar oplieding hast nedich om dat te wurden? Hoe sjocht in wurkdei derút foar ien dy't dat berop hat?
By it wurkjen op nivo * betinke de learlingen mei de groep ûndersyksfragen en geane se yn lytse groepkes op syk nei de ynformaasje. Yn de ynfographic skriuwe sy de antwurden op de fragen yn stekwurden en koarte sinnen op.
By nivo ** lizze de learlingen yn harren twa- of trijetallen yn it Frysk oer oer de ûndersyksfragen en skriuwe se de antwurden yn koarte sinnen yn harren ynfographic.
By nivo *** lizze de learlingen ek yn harren twa- of trijetallen oer en brûke se langere Fryske sinnen en teksten yn harren ynfographic. Op alle nivo's yllustrearje de learlingen harren ynformaasje mei foto's, tekeningen, plaatsjes en kleuren.
3. De learlingen kieze in berop en geane oan 'e slach mei de ûndersyksfragen.
Is it slim as der groepkes binne dy't itselde berop kieze? Meitsje dêr ôfspraken oer. Stimulearje de learlingen om nijsgjirrige ûndersyksfragen yn it Frysk te formulearjen en dêroer yn it Frysk oer te lizzen.
4. De learlingen jouwe foarm oan de ynfographic.
Lit de learlingen betinke watfoar ynformaasje sy kwyt wolle yn de ynfographic. Lit se dêrfoar Fryske stekwurden opskriuwe en koartere of langere sinnen of teksten meitsje, ôfhinklik fan it nivo wêrop't se de opdracht dogge. Lit de learlingen earst in skets meitsje: wêr komt watfoar ynformaasje? Watfoar yllustraasje komt wêr en watfoar titeltsjes komme by de teksten? Kleuren kinne helpe om de ynfographic ta ien gehiel te meitsjen.
5. De learlingen besjogge inoars ynfographics.
Printsje de ynfographics út as se digitaal makke binne. Hingje se op en lit de learlingen by de ynfographics delrinne en de ynfo besjen en lêze.
6. Besprek de opdracht nei.
Praat mei-inoar oer de opdracht. Dizze fragen kinne dêrby helpe: Hiene jim wolris earder oer technyske beroppen neitocht? Wat witte jim no oer it berop dat jim earst net wisten? Hoe seagen de ynfographics derút? Wiene se dúdlik? Hoe ha jim bepaald watfoar ynformaasje derop komme moast? Hoe gie it mei it Frysk? Koene jim de goede wurden fine? Soene jim sels in technysk berop ha wolle?

Differinsjaasje

Yn de beskriuwing binne trije nivo's oanjûn wêrop't wurke wurde kin yn dizze aktiviteit. Wat mear stjerkes it nivo, wat mear doelen oft oan wurke wurdt. De doelen fan nivo * wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. De ekstra doelen fan nivo ** en *** wurde net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. Om ynsjoch te krijen yn de ûntwikkeling fan de yndividuele learlingen kinne de observaasjeinstruminten brûkt wurde. Sjoch it kopke 'Evaluaasje'.

- Nivo *: De learlingen stelle klassikaal in oantal nijsgjirrige Fryske ûndersyksfragen op. Sy sykje de ynformaasje op en sette dy yn stekwurden en ienfâldige koarte sinnen yn in ynfographic. Learlingen wurkje oan de doelen dy't boppe-oan dizze taalaktiviteit oanjûn binne.
- Nivo **: De learlingen lizze yn harren twa- of trijetal yn it Frysk oer oer nijsgjirrige ûndersyksfragen, geane op syk nei de antwurden en skriuwe dy yn koarte sinnen en teksten yn de ynfographic. Der wurdt dan yntinsiver wurke oan de doelen Yn Petear/A2/ Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje en Skriuwen/B1/Kin feitlike ynformaasje gearfetsje.
- Nivo ***: De learlingen lizze yn harren twa- of trijetal yn it Frysk oer oer nijsgjirrige ûndersyksfragen, geane op syk nei de antwurden en skriuwe dy yn koarte teksten yn de ynfographic. As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der mear útwreide wurke oan de doelen Yn Petear/B1/ Kin mear detaillearre ynformaasje efterhelje en trochdwaan en Skriuwen/B1/Kin feitlike ynformaasje gearfetsje.

Besjoch per groepke op watfoar nivo oft se dizze opdracht dwaan kinne.

Stimulearje de learlingen om yn it oerlis oer de opdracht Frysk mei-inoar te praten, om sa te wurkjen oan de 'yn petear'-doelen. Daagje Frysktalige learlingen út om harren taal fêst te hâlden, ek as sy gearwurkje mei learlingen dy't net Frysktalich binne. Op dy manier helpe sy net-Frysktalige learlingen by it harkjen en ferstean fan it Frysk.

Foar learlingen dêr't de praatdrompel noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net Frysk te praten yn it oerlis. Sy wurkje dan net oan doelen op it mêd fan yn petear gean en sprekken, mar wol oan doelen op it mêd fan harkjen en ferstean fan it Frysk, troch it Frysk fan de oare learlingen.

Jou dizze taalaktiviteit mear betsjutting troch dy te keppeljen oan technyklessen of oan lessen wrâldoriïntaasje oer bygelyks bouplakken, de haven of útfiningen. Der kinne ek minsken mei in technysk berop útnûge wurde yn de klasse. Of miskien kin in besite brocht wurde oan in wurkpleats of oar wurkplak, om minsken mei in technysk berop yn aksje te sjen.

Evaluaasje

It observaasjeinstrumint 'mûnling oerlis' kin by stap 2, 3 en 4 ynset wurde. Meitsje in kar om learlingen yndividueel te observearjen of as groepke (brûk dan it ynstrumint foar it observearjen fan de groep). De observaasjeinstruminten binne te finen by 'evaluaasjematerialen'.

Brûk de observaasjes om de ûntjouwing fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te folgjen binne, lit dy dan leech.

2 Frisia Basistoets

Hantlieding foar de learkrêft

Mei de Frisiatoetsen krigest grip op de Fryske wurdskat en grammatika. Brûk de toetsen om in yndruk te krijen fan it ynstapnivo én de fuortgong fan de learlingen. Dat kin helpe om it Fryske les oanbod op de learling(en) ôf te stimmen.

Foar wa?

- De Frisia Basistoets is geskikt foar groep 7-8 yn it basisûnderwiis, vmbo-t en ûnderbou havo/vwo yn it fuortset ûnderwiis.

Organisaasje

De toets bestiet út 60 fragen en duorret 15-30 minuten. Fan de fjouwer antwurden is der hieltyd ien antwurd goed.

Let op: lit nei it ôfnimmen fan de toets nét de goede antwurden oan de learlingen sjen. Oars kin de toets net brûkt wurde foar in ferfolchmjitting. Jou dêrom allinnich oan wat it persintaazje goede antwurden is of it referinsjenivo.

Evaluaasje

It persintaazje goede antwurden kin omset wurde nei in referinsjenivo út it referinsjeramt Frysk.

0-25% < A1

26-45% A1

46-69% A2

70-89% B1.1 (B1)

90-100% B1.2 (ûnderweis nei B2)

Referinsjenivo's

< A1 betsjut dat in learling ûnder it A1-nivo sit.

A1.1 (= A1) betsjut dat in learling yn alle gefallen in pear losse dingen fan it Frysk ken, lykas telwurden, groeten, de dagen fan de wike en sa fierder.

A1.2 betsjut dat in learling ûnderweis is nei A2.1.

A2.1 (= A2) betsjut dat in learling koarte teksten oer maklike ûnderwerpen mei frekwinte wurden út de sprektaal begrypt.

A2.2 betsjut dat in learling ûnderweis is nei B1.1.

B1.1 (= B1) betsjut dat in learling langere teksten mei faak foarkommende wurden út de skriuwtaal begrypt.

B1.2 betsjut dat in learling hiel maklik dregere teksten oer skoalleûnderwerpen fan meardere bledsiden begrypt.

B1+ betsjut dat in learling flot lange en dregere teksten oer alderhanne ûnderwerpen begrypt.

De Frisia Basistoets is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik op 'GRIP' yn it linker menu en kies dan foar Frisiatoetsen - Frisia Basistoets. Klik op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe om de toets klear te setten foar de learlingen.

Stavering en skriuwen

3 De letters eo

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letters eo hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

Regels

De regels dy't by de eo hearre binne:

- Wurden mei eo moastst út e holle leare.

Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De lettes eo'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

Sichtber yn 'e klasse

Wurdlist letter eo

freon	
gleon	
sneon	
freonlik	
gleonhjit	

By it skriuwen fan teksten

De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website www.frysker.nl hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

Boekles

4 Jesse

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen lêze út it boek 'Jesse' fan Mindert Wijnstra, prate dêr mei-inoar oer en dogge (in oantal) bypassende aktiviteiten út de lesbrief. De lesbrief is makke troch Lida Dykstra.

Tiidpaad

- Ofhinklik fan de kar fan de aktiviteiten

Doelen

- De learlingen ûntdekke de wrâld yn boeken en ha wille by it lêzen en mei-inoar bepraten fan it boek.
- De learlingen kinne (evt. mei help fan de yllustraasjes) it ferhaal begripe (Harkjen A1/A2 - Kin in ienfâldich foarlêzen of ferteld ferhaal begripe / Lêzen A1 - Kin in yndruk krije fan teksten, foaral as dêr fisuele stipe by is).
- De learlingen kinne mei-inoar prate oer it ferhaal (Yn petear A1 - Kin ynformaasje freegje of jaan / Yn petear A2 - Kin sizze wat hy/sy derfan fynt).

Tarieding

- Soargje foar in eksimplaar fan it boek 'Jesse'. De lêskonsulint fan de biblioteek kin dêr eventueel by helpe, of bestel it boek yn de websjop fan de Afûk.
- Lês sels (dielen út) it boek, sadat de ynhâld bekend is.
- Lês de lesbrief yn de Taalaktiviteit 'Boekles: Jesse' goed troch en meitsje in kar út de aktiviteiten.
- Binne der materialen nedich foar de keazen aktiviteiten? Lis dy dan alfêst klear.

Beskriuwing

- In beskriuwing fan de opdrachten is te finen yn de lesbrief yn dizze Taalaktiviteit yn Spoar 8.

Differinsjaasje

- Omgong mei net-Frysktalige learlingen
De learlingen op A1-nivo meie it Nederlânsk as fiertaal brûke, de learlingen op wei nei A2-nivo besykje Fryske wurden te brûken en learlingen op A2-nivo dogge it yn it Frysk. Stimulearje de net-Frysktalige learlingen om fêste Fryske útdrukkingen ('chunks') te brûken as se it petear net goed folgje kinne. Foarbylden dêrfan binne: kinst dat noch in kear sizze?, ik begryp it net, kinst it noch in kear útlizze of kinst dat ek nochris in kear yn it Nederlânsk sizze?

- **Taalstipe**
Set drege wurden oer nei it Nederlânsk of lit Frysktalige learlingen dat dwaan. Brûk de yllustraasjes as stipe by de tekst troch dingen oan te wizen.
- **Meartalichheid**
Freegje learlingen mei in oare thústaal as Frysk of Nederlânsk oft sy faakfoarkommende wurden ek yn harren thústaal kenne. Tink bgl. oan de wurden 'lêze', 'boek', 'ferbean' en 'skriuwe'. Meitsje de wurden sichtber troch se op te skriuwen.

Projekten

5, 6, 7 en 8 Praat mar Toaniel - Junglebook

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen spylje in sêne út it 'Praat mar Toaniel'-stik 'Jungleboek'. Dêrfoar lêze se earst de tekst fan it stik troch en tinke se nei oer de rollen. Se spylje de sêne foar de klasse of nimme de sêne op. De toanielboekjes binne te bestellen yn de Taalplan-websjop.

Tip: Dit projekt is populêr; tsjek foar it ynplannen fan dit projekt de websjop om te sjen oft de toanielboekjes noch leverber binne! Of brûk de pdf fan it toanielboekje, dy't te finen is by 'Ekstra'.

It tema fan de projekt opdracht is 'toanielspylje'.

Doelen

Mei dit Projekt wurdt wurke oan de folgjende doelen.

Lêzen

- (op wei nei) A2: Fertelling, ferhaal - Kin fiksje en literatuer belibjend lêze.
- (op wei nei) B1: Fertelling, ferhaal - Kin de beskriuwing fan foarfallen, gefoelens en winsken begripe.
- (op wei nei) B1: Fertelling, ferhaal - Kin fiksje en literatuer werkennend lêze.
- (op wei nei) B1: Beskriuwing, ferklearring – Kin de belangrike punten begripe.
- (op wei nei) B1: Ynstruksje – Kin dúdlik skreaune ynstruksjes begripe.

Yn petear

- (op wei nei) B1: Fertelle - Kin sizze wat hy/sy fielt.
- (op wei nei) B1: Fertelle - Kin op gefoelens fan oaren reagearje.

Neist it wurkjen oan taaldoelen kinst mei dit projekt ek hiel goed wurkje oan sosjaal-emosjonele tema's lykas bygelyks 'ferwachtingen', 'wa bin ik' of 'derby hearre'.

Tarieding

- Bestel de boekjes fan it 'Praat mar Toaniel'-stik 'Jungleboek' foar de learlingen fia de Taalplan-websjop. Of brûk de pdf fan it toanielboekje, dy't te finen is by 'Ekstra'. It toanielstik is yn it Frysk.
- Tink nei oer jim doel foar dit projekt. Jim kinne wurkje oan de taaldoelen en de útfiering fan it toanielstik, mar jim kinne der ek foar kieze om it stik (ek) te brûken om oan wrâldoriïntearjende of sosjaal-emosjonele tema's te wurkjen. Lis dêr dan de klam op yn de ferskillende stappen.

- Ferdiel de groep yn heterogene groepkes op basis fan thústaal en taalnivo. Betink fan tefoaren oft de learlingen sels harren sêne kieze meie of dat se in sêne tawiisd krije. Sjoch ek by 'differinsjaasje'.
- Tink nei oer de útfiering. Foar it wurkjen oan de doelen is it net nedich om it hiele stik te spyljen. Der kin in seleksje makke wurde út de sênes en it kin sels hiel goed wêze dat mear groepkes deselde sêne spylje. Wolle jim dochs it hiele stik spylje, dan moat der neitocht wurde oer wa't wat spilet. En oft der dan miskien ek publyk oanwêzich wêze mei.
- Soargje foar in geskikte romte om de sênes te spyljen. Of, as jim de sênes yn it foar opnimme: soargje foar romte en apparatuer om de sênes op te nimmen. Tink dan ek om mooglikheden om de film ôf te spyljen yn de klasse.

Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan dizze projekt opdracht en lês dy mei-inoar troch.
2. Lês mei de learlingen it 'Praat mar Toaniel'-stik 'Jungleboek'.
Lês allinne de sênes, en net de ferwurkingen en de 'witsto dat...' by de sênes. It giet earst om it ferhaal. De ferwurkingen komme yn de nivo-opdrachten oan 'e oarder.
Stel de harkfraach: wa binne de freonen en wa binne de fijannen fan Mowgli? Is dat altyd fuort al dúdlik?
Lêzen is in haaddoel fan dit projekt. Besteegje dêr dus benammen oandacht oan. Besjoch mei de learlingen hoe't de tekst derútsjocht. Achter de namme fan in karakter stiet de tekst dy't dat karakter seit. Dy namme hoechst net te lêzen, lêse allinne de tekst dy't echt sein wurdt. As it kin, lit de tekst dan al yn rollen lêze. Op de lêste side stiet in wurdlist mei de drege wurden yn de tekst.
3. Praat mei de learlingen oer it toanielstik.
Mowgli groeit op yn de jungle. Hy fielt him dêr thús. Net elkenien fynt dat in minskejong yn de jungle thúsheart. Wêrom net? Wat fine de learlingen?
4. Ferdiel de klasse yn groepkes.
De groepkes kieze mei-inoar in sêne út dy't se spylje wolle by de útfiering fan dit projekt.
5. Wiis de groepkes op de 'Tarieding' fan de projekt opdracht.
Dêr fine se tips om te brûken by de tarieding op it spyljen fan de sênes.
6. Meitsje ôfspraken oer it oefenjen.
Fertel de learlingen hoefolle tiid se hawwe om te oefenjen en wêr en wannear't se oefenje meie. Praat ôf wannear't de útfiering plakhawwe sil. Beslút mei-inoar oft de learlingen harren sêne live spylje of dat se de sêne opnimme.
7. Begelied de groepkes by it oefenjen, as dat nedich is.
Tink dêrby oan help by de planning, de Fryske tekst en it oanklaaien fan de sêne.
8. Lit de learlingen de nivo-opdrachten by it projekt meitsje.
De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne dêrby oan 'e slach mei wurdkatoefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Learlingen dy't minder goed thús binne yn it Frysk kinne wurkje oan de giele opdrachten, en learlingen dy't better thús binne yn it Frysk kinne wurkje oan de blauwe opdrachten. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal en de eventuele útlis en it neibesprekken fan de opdrachten kin tagelyk plakfine.
9. Fier de projekt opdracht út.
Splyje de sênes. Kies in goede folchoarder. Praat nei de útfiering mei de learlingen oer it projekt. Under 'Utfiering' steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.

10. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje

De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit projekt.

Differinsjaasje

- Lit de bern sels de sêne kieze of wiis sênes ta oan de groepkes. De iene sêne hat mear tekst en dregere tekst as de oare. As learkrêft kinst derfoar kieze om in sêne út te sykjen foar de learlingen, sadat learlingen dy't mear muoite hawwe mei it Frysk, de minder drege sênes krije.
- Moedigje de learlingen oan om net allinne yn it Frysk te lêzen en te spyljen, mar ek yn it Frysk oer te lizzen oer de sêne. Frysktalige learlingen kinne sa learlingen dy't net Frysktalich binne op in natuerlike wize helpe mei it ferstean en praten fan it Frysk.
- By 'Ekstra' yn dit projekt binne ek de ferskes te finen dy't hearre by dit 'Praat mar Toaniel'-stik. Dy ferskes kinne ek brûkt wurde foar de útfiering fan it projekt.

Evaluaasje

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje.

De observaasjeinstruminten 'Mûnling oerlis – yndividueel' en 'Mûnling oerlis – de groep' kinne brûkt wurde om ûnôfhinklik de taalûntwikkeling op it mêd fan mûnling oerlis yn kaart te bringen.

It ynstrumint 'Mûnlinge presintaasje' jout ynsjoch yn de feardichheden op it mêd fan presintearjen.

Dy observaasjeinstruminten binne te finen ûnder 'Ekstra' by dit projekt.

9 De letters eoau

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letters eo hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

Regels

De regels dy't by de eau hearre binne:

- Wurden mei eau moast út e holle leare.

Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De lettes eau'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

Sichtber yn 'e klasse

Wurdlist letter eau

treau	sleau
bleau	reau
skreau	
dreau	
preau	

By it skriuwen fan teksten

De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreau is.

Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreau hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website www.frysker.nl hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

10 Promoatsje dyn sportferiening

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen meitsje in Fryske poster om harren sportferiening te promoatsjen.

Tiidpaad

50 minuten. (Tip: wurkje ûnder de tekenles (fierder) oan de lay-out fan de poster.)

Doelen

Mei dizze Taalaktiviteit wurdt wurke oan de folgjende doelen:

- De learlingen kinne in Fryske sportposter meitsje mei dêrop ynformaasje om de feriening te promoatsjen (Skriuwen/A1/Kin wat oer him-/harsels of oaren opscriuwe en Skriuwen/A2/Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn).
- De learlingen kinne elkoars posters lêze en ferlykje (Lêzen/A2/Kin yn ienfâldige, alledeiske teksten spesifike, foarsisbere ynformaasje fine dy't hy/sy nedich hat en Lêzen/A2/Kin de belangrykste ynformaasje begripe ('wêr giet it oer?').

Tarieding

- Tink nei oer hoe't der oan dizze opdracht wurke wurdt. Wurkje de learlingen yndividueel of yn twatallen?
- De opdracht kin útfierd wurde op nivo *, nivo ** of nivo ***. By 'differinsjaasje' steane de trije nivo's útwurke. Der kin ek troch ferskillende learlingen op ferskillende nivo's wurke wurde. Betink fan tefoaren wat by de learlingen past.
- Lis foar alle learlingen of alle twatallen in fel A3-papier klear om de poster op te meitsjen. Soargje foar materialen om de poster mei te meitsjen. Tink bygelyks oan potlead, stiften, papier, lym, skjirren ensfh.
- Sykje eventueel sport-promoasjeposters op as foarbyld.

Beskriuwing

1. Yntroduksje fan it ûnderwerp.
Praat mei de learlingen oer sporten. In hiel soad minsken hâlde fan sport. Om sels te dwaan óf om nei te sjen lâns de line of op 'e telefyzje. Wat fine de learlingen moai? Sporte kinst dwaan by in sportferiening. Sportferieningen wolle fansels sjen litte hoe leuk oft harren feriening is. Mar wat is der leuk oan in sportferiening?
2. Utlis fan de opdracht.
De learlingen sille in Fryske poster meitsje om harren eigen of in bekende sportferiening te promoatsjen. Op de poster stiet feitlike ynformaasje (sa as de namme fan de feriening, trainingstiden en -dagen en de lokaasje). As der wurke wurdt op nivo ** en *** stiet der ek noch by wêrom't dy feriening/sport sa leuk is.

Dat moat in koart stikje tekst wêze om oaren te oertsjûgjen. As der op nivo *** wurke wurdt, dan betinke de learlingen in passende slogan foar op de poster. Jou dêr in pear foarbylden fan, sa as: 'Helpsto ús om te scoren?' of 'Wurkje dy by ús yn it swit en bliuw lekker fit!'.

3. De learlingen kieze in sportferiening en breinstoarmje dêroer.
Op in stik papier skriuwe de learlingen op wêr't se oan tinke by harren feriening. Dêrnei besjogge se wat se brûke kinne foar de poster. De breinstoarm kin yn in oare taal as Frysk, de tekst op de poster wurdt Frysk. Foar drege Fryske wurden of by staveringsfragen kinne de learlingen in wurdboek brûke (bgl. www.fryske.nl).
4. De learlingen meitsje in ûntwerp.
De learlingen tinke nei oer kleuren en yllustraasjes. Meitsje se de yllustraasjes sels of sykje se bygelyks plaatsjes op ynternet?
5. De learlingen meitsje de poster.
6. Lit de learlingen elkoars wurk besjen.
Lis de posters op de tafels of hingje se op, sadat de learlingen derlâns rinne kinne en se lêze en besjen kinne.
7. Besprek de opdracht nei.
Besprek de opdracht nei mei de learlingen. Dizze fragen kinne dêrby helpe: Hoe wie it om in poster foar in sportferiening te meitsjen? Wat is neffens jim it belangrykste op in promoasjeposter? Wat ha jim dien om jim poster opfalle te litten? Koene jim alle ynformaasje dy't jim belangryk fûnen kwyt op de poster? Slagge it wat mei it Frysk? Koene jim de goede wurden fine? Watfoar poster jout de bêste ynformaasje oer de feriening? Watfoar poster falt it meast op? Is dat ek de poster mei de bêste ynformaasje? Wie der in poster by dy't jim nijsgjirrich makke nei in feriening dy't jim noch net sa goed kenne?

Differinsjaasje

Yn de beskriuwing binne trije nivo's oanjûn wêrop't wurke wurde kin yn dizze aktiviteit. Wat mear stjerkes it nivo, wat mear doelen oft oan wurke wurdt. De doelen fan nivo * wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. De ekstra doelen fan nivo ** en *** wurde net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. Om ynsjoch te krijen yn de ûntwikkeling fan de yndividuele learlingen kinne de observaasjeinstruminten brûkt wurde. Sjoch it kopke 'Evaluasje'.

- Nivo *: De learlingen sette feitlike ynformaasje op harren sportposter en kinne posters fan klasgenoaten lêze en ferlykje. Sy wurkje oan de doelen dy't boppe dizze taalaktiviteit steane.
- Nivo **: De learlingen sette feitlike ynformaasje op harren sportposter, skriuwe dêrby wêrom't dy sport sa leuk is om te dwaan en kinne posters fan klasgenoaten lêze en ferlykje. As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der ek noch wurke oan it doel Skriuwen/beskriuwe, ferklearje, ynstruearje/B1/Kin mieningen, gefoelens en reaksjes op foarfallen beskriuwe.
- Nivo ***: De learlingen sette feitlike ynformaasje op harren sportposter, skriuwe dêrby wêrom't dy sport sa leuk is om te dwaan, betinke in passende slogan foar op de poster en kinne de posters fan klasgenoaten lêze en ferlykje. As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der mear útwreide wurke oan it doel Skriuwen/beskriuwe, ferklearje, ynstruearje/B1/Kin mieningen, gefoelens en reaksjes op foarfallen beskriuwe.

As der yn twatallen wurke wurdt, stimulearje de learlingen dan om yn it oerlis oer de opdracht Frysk mei-inoar te praten, om sa te wurkjen oan doelen foar it domein 'yn petear'. Daagje Frysktalige learlingen út om harren taal fêst te hâlden, ek as sy gearwurkje mei learlingen dy't net Frysktalich binne. Op dy manier helpe sy net-Frysktalige learlingen by it harkjen en ferstean fan it Frysk.

Nei stap 5 kinne de learlingen harren eigen poster ek presintearje oan de klasse. Sa wurkje de learlingen ek oan doelen op it mêd fan 'sprekken'. Foar learlingen dêr't de praatdrompel noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net Frysk te praten yn it oerlis. Sy wurkje dan net oan doelen op it mêd fan yn petear gean en sprekken, mar wol oan doelen op it mêd fan harkjen en ferstean fan it Frysk, troch it Frysk fan de oare learlingen.

De learlingen kinne ek in poster meitsje om in wedstriid te promoatsjen. De learlingen skriuwe dêr dan ynformaasje by, sa as wêr en wannear't de wedstriid is en hoe't der kaarten kocht wurde kinne.

Evaluasje

It observaasjeinstrumint 'mûnling oerlis' kin by stap 3, 4 en 5 ynset wurde as der yn twatallen wurke wurdt. Meitsje in kar om learlingen yndividueel te observearjen of as groepke (brûk dan it ynstrumint foar it observearjen fan de groep).

Brûk it observaasjeinstrumint 'skriftlike ynstruksje' nei stap 5.

It ynstrumint 'presintaasje' kin ynset wurde as derfoar keazen wurdt om de learlingen nei stap 5 harren poster presintearje te

Projekten

Sa dogge wy dat hjir

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen spylje in sêne út it 'Praat mar Toaniel'-stik 'Jungleboek'. Dêrfoar lêze se earst de tekst fan it stik troch en tinke se nei oer de rollen. Se spylje de sêne foar de klasse of nimme de sêne op. De toanielboekjes binne te bestellen yn de Taalplan-websjop.

Tip: Dit projekt is populêr; tsjek foar it ynplannen fan dit projekt de websjop om te sjen oft de toanielboekjes noch leverber binne! Of brûk de pdf fan it toanielboekje, dy't te finen is by 'Ekstra'.

It tema fan de projekt opdracht is 'toanielspylje'.

Doelen

Mei dit Projekt wurdt wurke oan de folgjende doelen.

Lêzen

- (op wei nei) A2: Fertelling, ferhaal - Kin fiksje en literatuer belibjend lêze.
- (op wei nei) B1: Fertelling, ferhaal - Kin de beskriuwing fan foarfallen, gefoelens en winsken begripe.
- (op wei nei) B1: Fertelling, ferhaal - Kin fiksje en literatuer werkennend lêze.
- (op wei nei) B1: Beskriuwing, ferklearring – Kin de belangrike punten begripe.
- (op wei nei) B1: Ynstruksje – Kin dúdlik skreaune ynstruksjes begripe.

Yn petear

- (op wei nei) B1: Fertelle - Kin sizze wat hy/sy fielt.
- (op wei nei) B1: Fertelle - Kin op gefoelens fan oaren reagearje.

Neist it wurkjen oan taaldoelen kinst mei dit projekt ek hiel goed wurkje oan sosjaal-emosjonele tema's lykas bygelyks 'ferwachtingen', 'wa bin ik' of 'derby hearre'.

Tarieding

- Bestel de boekjes fan it 'Praat mar Toaniel'-stik 'Jungleboek' foar de learlingen fia de Taalplan-websjop. Of brûk de pdf fan it toanielboekje, dy't te finen is by 'Ekstra'. It toanielstik is yn it Frysk.
- Tink nei oer jim doel foar dit projekt. Jim kinne wurkje oan de taaldoelen en de útfiering fan it toanielstik, mar jim kinne der ek foar kieze om it stik (ek) te brûken om oan wrâldoriïntearjende of sosjaal-emosjonele tema's te wurkjen. Lis dêr dan de klam op yn de ferskillende stappen.

- Ferdiel de groep yn heterogene groepkes op basis fan thústaal en taalnivo. Betink fan tefoaren oft de learlingen sels harren sêne kieze meie of dat se in sêne tawiisd krije. Sjoch ek by 'differinsjaasje'.
- Tink nei oer de útfiering. Foar it wurkjen oan de doelen is it net nedich om it hiele stik te spyljen. Der kin in seleksje makke wurde út de sênes en it kin sels hiel goed wêze dat mear groepkes deselde sêne spylje. Wolle jim dochs it hiele stik spylje, dan moat der neitocht wurde oer wa't wat spilet. En oft der dan miskien ek publyk oanwêzich wêze mei.
- Soargje foar in geskikte romte om de sênes te spyljen. Of, as jim de sênes yn it foar opnimme: soargje foar romte en apparatuer om de sênes op te nimmen. Tink dan ek om mooglikheden om de film ôf te spyljen yn de klasse.

Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan dizze projekt opdracht en lês dy mei-inoar troch.
2. Lês mei de learlingen it 'Praat mar Toaniel'-stik 'Jungleboek'.
Lês allinne de sênes, en net de ferwurkingen en de 'witsto dat...' by de sênes. It giet earst om it ferhaal. De ferwurkingen komme yn de nivo-opdrachten oan 'e oarder.
Stel de harkfraach: wa binne de freonen en wa binne de fijannen fan Mowgli? Is dat altyd fuort al dúdlik?
Lêzen is in haaddoel fan dit projekt. Besteegje dêr dus benammen oandacht oan. Besjoch mei de learlingen hoe't de tekst derútsjocht. Achter de namme fan in karakter stiet de tekst dy't dat karakter seit. Dy namme hoechst net te lêzen, lês allinne de tekst dy't echt sein wurdt. As it kin, lit de tekst dan al yn rollen lêze. Op de lêste side stiet in wurdlist mei de drege wurden yn de tekst.
3. Praat mei de learlingen oer it toanielstik.
Mowgli groeit op yn de jungle. Hy fielt him dêr thús. Net elkenien fynt dat in minskejong yn de jungle thúsheart. Wêrom net? Wat fine de learlingen?
4. Ferdiel de klasse yn groepkes.
De groepkes kieze mei-inoar in sêne út dy't se spylje wolle by de útfiering fan dit projekt.
5. Wiis de groepkes op de 'Tarieding' fan de projekt opdracht.
Dêr fine se tips om te brûken by de tarieding op it spyljen fan de sênes.
6. Meitsje ôfspraken oer it oefenjen.
Fertel de learlingen hoefolle tiid se hawwe om te oefenjen en wêr en wannear't se oefenje meie. Praat ôf wannear't de útfiering plakhawwe sil. Beslút mei-inoar oft de learlingen harren sêne live spylje of dat se de sêne opnimme.
7. Begelied de groepkes by it oefenjen, as dat nedich is.
Tink dêrby oan help by de planning, de Fryske tekst en it oanklaaien fan de sêne.
8. Lit de learlingen de nivo-opdrachten by it projekt meitsje.
De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne dêrby oan 'e slach mei wurdskat oefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Learlingen dy't minder goed thús binne yn it Frysk kinne wurkje oan de giele opdrachten, en learlingen dy't better thús binne yn it Frysk kinne wurkje oan de blauwe opdrachten. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal en de eventuele útlis en it neibesprekken fan de opdrachten kin tagelyk plakfine.
9. Fier de projekt opdracht út.
Splyje de sênes. Kies in goede folchoarder. Praat nei de útfiering mei de learlingen oer it projekt. Under 'Utfiering' steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.

10. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje

De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit projekt.

Differinsjaasje

- Lit de bern sels de sêne kieze of wiis sênes ta oan de groepkes. De iene sêne hat mear tekst en dregere tekst as de oare. As learkrêft kinst derfoar kieze om in sêne út te sykjen foar de learlingen, sadat learlingen dy't mear muoite hawwe mei it Frysk, de minder drege sênes krije.
- Moedigje de learlingen oan om net allinne yn it Frysk te lêzen en te spyljen, mar ek yn it Frysk oer te lizzen oer de sêne. Frysktalige learlingen kinne sa learlingen dy't net Frysktalich binne op in natuerlike wize helpe mei it ferstean en praten fan it Frysk.
- By 'Ekstra' yn dit projekt binne ek de ferskes te finen dy't hearre by dit 'Praat mar Toaniel'-stik. Dy ferskes kinne ek brûkt wurde foar de útfiering fan it projekt.

Evaluaasje

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje.

De observaasjeinstruminten 'Mûnling oerlis – yndividueel' en 'Mûnling oerlis – de groep' kinne brûkt wurde om ûnôfhinklik de taalûntwikkeling op it mêd fan mûnling oerlis yn kaart te bringen.

It ynstrumint 'Mûnlinge presintaasje' jout ynsjoch yn de feardichheden op it mêd fan presintearjen.

Dy observaasjeinstruminten binne te finen ûnder 'Ekstra' by dit projekt.

Stavering en skriuwen

De letters iuw

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letters iuw hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

Regels

De regels dy't by de iuw hearre binne:

- Wurden dy't altyd mei de iuw fan liuw útsprutsen wurde kinne, skriuwe wy mei iuw.
- Wy skriuwe allinne oan e ein fan de iuw-wurden in w.

Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De lettes iuw'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

Sichtber yn 'e klasse

Wurdlist letter eo

bliuwe	
triuwe	
driuwe	
liuw	
priuwe	

By it skriuwen fan teksten

De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website www.frysker.nl hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

Projekten

17, 18, 19, 20. Tiid foar de takomst!

Hantlieding foar de learkrêft

De wrâld fan no sjocht der hiel oars út as de wrâld fan froeger. En de wrâld feroaret ek no noch hieltyd. Yn de takomst sil it wer hiel oars wêze as no. Yn de projektopdracht meitsje de learlingen in tiidkapsule. Se sammelje ynformaasje oer dizze tiid en skriuwe harren ferwachtingen foar de takomst op. Alles giet yn in grutte slúf dy't pas oer in hiel skoft wer iepen mei. Is de wrâld dan slim feroare? En binne de ferachtingen útkommen?

Doelen

Oan ûndersteande doelen wurdt wurke yn de projektopdracht fan dit tema. Dy doelen wurde ek oanfinkt yn it referinsjeramt.

Skriuwen

- (op wei nei) A2 - Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn
- (op wei nei) B1 - Kin mieningen, gefoelens en reaksjes op foarfallen beskriuwe
- (op wei nei) B1 - Kin feitlike ynformaasje gearfetsje
- (op wei nei) B1 - Kin feitlike ynformaasje becommentarjearje.

Tarieding

- Klik troch de projektopdracht en de nivo-opdrachten om dy te ferkennen.
- Tink nei oer tiidkapsules. Om de learlingen helpe te kinnen, kin it handich wêze om fan tefoaren alfêst wat ynformaasje te sykjen oer tiidkapsules. Op ynternet binne foarbylden en filmkes te finen.
- Soargje foar grutte slugen. De learlingen meitsje in boadskip foar de takomst, dat yn in slúf bewarre wurdt. Soargje foar slugen foar alle learlingen. Of betink in oare manier om de teksten en materialen fan de learlingen te sammeljen en te bewarjen.
- Tink nei oer in plak om de slugen te bewarjen. Kinne de slugen in oantal jierren op skoalle bewarre wurde? Is der in oar plak dêr't alle slugen in oantal jierren byelkoar bewarre wurde kinne? Nimme de learlingen de slugen mei nei hûs en bewarje se se dêr?
- Tink nei oer de teksten dy't de learlingen skriuwe. Binne se frij yn de foarm fan de tekst? Of skriuwe se neffens in fêst stramyn? Tink dan nei oer dat stramyn. Binne dat in oantal fragen dy't de learlingen beäntwurdzje moatte? Binne dat ûnderwerpen dêr't de learlingen wat oer skriuwe moatte? Betink dan dy fragen en ûnderwerpen fan tefoaren of yn oerlis mei de learlingen by de útlis fan de opdracht.
- Tink nei oer de ôfsluting fan it projekt. Hoe sjocht dat derút? Is der in momint foar de learlingen om te fertellen oer wat se yn de slúf dien hawwe? Is der in momint om de slugen offisjeel ticht te plakken, om se oer in oantal jierren wer te iepenjen? Wurdt der in

datum ôfpraten dat de slugen wer iepen meie?

Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan de Projektopdracht.
Lês dy mei-inoar troch en praat mei-inoar oer de takomst. Hawwe de learlingen ideeën oer hoe't dy derútsjen sil? Wat sil oars wêze as no en wat sil itselde bliuwe? Praat ek oer tiidkapsules. Witte de learlingen wat dat binne? Wêrom kin in tiidkapsule nijsgjirrich wêze? Lit eventueel in foarbyld sjen.
2. Wiis de learlingen op it ûnderdiel 'Tarieding' fan de Projektopdracht.
Dêr fine se tips foar it útfieren fan de opdracht. Praat mei de learlingen oer de ynhâld fan de teksten. Binne der fêste ûnderwerpen dy't yn de tekst oan bod komme moatte? Binne der fêste fragen dy't de learlingen beäntwurdzje moatte? Of binne de learlingen frij yn it skriuwen fan de teksten? De fêste ûnderdielen kinne ek yn oerlis mei de learlingen betocht wurde.
3. Wiis de learlingen op it brûken fan it Frysk.
De tekst dy't de learlingen skriuwe is yn it Frysk. It wurdboek dat rjochtsboppe yn it menu te finen is, kin helpe by drege wurden. Stimulearje de learlingen om it oerlis oer de opdracht ek yn it Frysk te dwaan. Moedigje Frysktalige learlingen oan om harren taal fêst te hâlden, ek as oare learlingen Nederlânsk prate. Sa helpe Frysktalige learlingen de net-Frysktalige learlingen by it ferstean en praten fan it Frysk.
4. Meitsje ôfspraken oer de planning.
Wannear moatte de teksten klear wêze? Wannear moatte de materialen dy't de learlingen yn 'e slúf dwaan wolle sammele wêze? Wannear krije de learlingen tiid om oan de tiidkapsule te wurkjen? Hoe wurdt it projekt ôfsluten?
5. Begelied de learlingen as dat nedich is.
Tink dêrby oan it betinken fan ynhâld foar de slúf en it skriuwen fan de Fryske teksten.
6. Lit de learlingen de nivo-opdrachten by it projekt meitsje.
De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne oan 'e slach mei wurdskatoefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Der binne giele opdrachten foar de learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk en blauwe opdrachten foar learlingen dy't better thús binne yn it Frysk. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal en kinne eventueel tagelyk útlein of besprutsen wurde.
7. Slút de Projektopdracht ôf.
Lit de learlingen eventueel fertelle oer wat sy yn 'e slúf dien hawwe. In oantal teksten kinne foarlêzen wurde. Under 'Utfiering' yn de Projektopdracht steane in oantal fragen dy't helpe kinne by it praten oer de Projektopdracht. Meitsje in offisjeel momint fan it sluten fan de slugen. Prate jim ek al in datum ôf dat jim de slugen wer iependogge?
8. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje. De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit projekt.

Differinsjaasje

- Dizze opdracht wurdt troch de learlingen yndividueel útfierd. Om net-Frysktalige learlingen te steunen, kinne heterogene groepkes makke wurde op basis fan thústaal en taalnivo. Elk makket in eigen tiidkapsule, mar binnen it groepke kinne learlingen inoar helpe.

- As it skriuwen fan in tekst foar guon learlingen noch te dreech is, kin derfoar keazen wurde om te wurkjen mei fêste fragen. De learlingen skriuwe allinne it antwurd op de fragen op.
- Ek wurkje oan doelen foar it lêzen? De learlingen kinne inoars teksten lêze. Lit learlingen dy't it Frysk lêzen noch dreech fine, tegearre lêze mei in goeie lêzer. Of kopiearje in oantal teksten en lês dy mei-inoar. Praat oer wat de learlingen lêze.
- Dit projekt kin oanslute by aktiviteiten yn groep 8 dy't harren rjochtsje op de oergong nei it fuortset ûnderwiis. Wat ferwachtsje de learlingen fan de takomst?

Evaluaasje

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje. De selsevaluaasje kin yn it Frysk en yn it Nederlânsk makke wurde. De selsevaluaasjes binne te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

Underdielen út it observaasjeinstrumint 'Skriftlik ferslach' kinne brûkt wurde om ûnôfhinklik de taalûntwikkeling op it mêd fan it skriuwen yn kaart te bringen. Dat observaasjeinstrumint is te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

Stavering en skriuwen

21. De letter w

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letter w hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

De regels dy't by de w hearre binne:

- Wurden mei w moast út e holle leare.
- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letter w'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.
- 1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
- 2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
- 3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.
- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriu de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatallen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website www.frysker.nl hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

22. Eise Eisinga

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen lêze en leare mear oer Eise Eisinga en meitsje in (muorre)krante.

Tiidpaad

2 x 40 minuten

Doelen

Dizze lesdoelen binne keppele oan doelen út it referinsjeramt en wurde automatysk ôffinkt.

- De learlingen kinne koarte teksten lêze en helje dêr ynformaasje út oer Eise Eisinga (Lêzen/A1/Kin ienfâldige berjochten begripe en Lêzen/A2/Kin de belangrykste ynformaasje begripe).
- De learlingen kinne in koart berjocht skriuwe (Skriuwen/A2/Kin biografyske feiten werjaan/A2/Kin in persoan beskriuwe).

Oare doelen dêr't mei dizze taalaktiviteit oan wurke wurde kin, binne neamd by 'Differinsjaasje'.

Tarieding

- Lês of besjoch de ynformaasje oer Eise Eisinga as achtergrûnynformaasje en om in kar te meitsjen watfoar materiaal geskikt is foar de learlingen.
- Lês de teksten dy't by dizze taalaktiviteit hearre en kies geskikte teksten foar it nivo fan de learlingen yn jim groep. Teksten by nivo * binne ienfâldich en de nedige ynformaasje is flot te finen. Teksten by nivo ** binne wat langer en foar de teksten op nivo *** is in goed Frysk lêsnivo nedich. De learlingen kinne ek gebrûk meitsje fan ferskillende teksten.
- Kies in filmke om te brûken by de yntroduksje fan de taalaktiviteit. Der binne ferskillende geskikte filmkes. De film 'Eise Eisinga 1744-1828' fan de searje 11&30 duorret sa'n fiif minuten, dêr stiet in Nederlânske ûndertiteling ûnder. Learlingen út groep 5 en 6 hawwe dêrby miskien wat ekstra taljochting fan de learkrêft nedich. Fia dizze link <https://museumtv.nl/tentoonstelling/pareltje-koninklijk-planetarium-eise-eisinga/> fan MuseumTV is der in Nederlânsktalige 'mini-docu' fan seis minuten oer Eise Eisinga en syn planetarium te besjen. Fia YouTube kin ek socht wurde op 'canonclip 25'. Dêr binne foar ferskillende leeftidsgroepen Nederlânsktalige filmkes fan sa'n trije minuten te besjen.
- Tink nei oer de opdracht: makket de klasse as groep ien krante? Wurdt it in krante of in muorrekrante? Of wurdt der wurke yn groepkes en makket elk groepke in eigen (muorre) krante? Sjoch by punt 4 fan de beskriuwing foar suggestjes foar artikels.

Beskriuwing

1. Yntroduksje fan it ûnderwerp.
Miskien hawwe de learlingen wolris heard fan Eise Eisinga of hawwe se sels wolris yn it planetarium yn Frjentsjer west. Yntrodusearje Eise Eisinga troch it sjen litten fan in filmke (sjoch tarieding).
2. Utlis fan de aktiviteit.
Fertel de learlingen dat sy in pear teksten lêze sille. Yn dy teksten moatte se op syk gear nei ynformaasje oer it libben fan Eise Eisinga en oer syn planetarium.
3. It lêzen fan de teksten.
Lit de keazen teksten lêze troch de learlingen. De learlingen kinne de tekst yndividueel lêze, yn twatallen of yn groepkes (mar klassikaal lêze of foarlêze kin fansels ek). Lit de learlingen ûnder it lêzen al opfallende dingen oanstreekje of opskriuwe. Bygelyks wurden dy't se net goed begripe. Praat nei it lêzen oer de dingen dy't de learlingen opfallen binne.
4. Ferdiel taken en wurkje oan de opdracht.
Foar de krante sille de learlingen ferskillende stikjes skriuwe dy't te krijen hawwe mei Eise Eisinga. Foarbylden dêrfan binne: in 'ynterview' mei Eise Eisinga of Pietsje Eisinga oer harren planetarium, in berjocht oer dominy Eelco Alta wêryn't de minsken warskôge wurde foar it fergean fan de wrâld, in advertinsje fan in wolkjimmer, in berjocht oer planeten, in waarberjocht, in artikel oer it planetarium, in ferslach fan de besite fan de kening oan it planetarium, ensfh. Fansels kinne de learlingen ek yn twatallen in artikel skriuwe en dêr yllustraasjes by meitsje. De learlingen kinne sels ek oanfoljende ynformaasje opsykje. By it skriuwen fan artikels kinne se gebrûk meitsje fan in wurdboek (bgl. op www.frysker.nl). Tips foar it skriuwen fan in krante-artikel binne te finen op de 'helkpaart - krante-artikel skriuwe' by 'Ekstra'.
5. Besprek de opdracht nei.
Besjoch mei-inoar de artikels en de (muorre)krante of kranten. Steane dêr dingen yn dy't de learlingen noch net wisten? Binne de teksten goed te lêzen en sjocht it gehiel der fersoarge út? Wie it dreech om yn it Frysk te skriuwen? Hawwe de learlingen wurden út de lêzen teksten brûkt?

Differinsjaasje

Yn de beskriuwing binne trije nivo's oanjûn wêrop't wurke wurde kin yn dizze aktiviteit. Wat mear stjerkes it nivo, wat mear doelen oft oan wurke wurdt. De doelen fan nivo * wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. De ekstra doelen fan nivo ** en *** wurde net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. Om ynsjoch te krijen yn de ûntwikkeling fan de yndividuele learlingen kinne de observaasjeinstruminten brûkt wurde. Sjoch it kopke 'Evaluasje'.

- Nivo *: De learlingen lêze in ienfâldige tekst oer Eise Eisinga en kinne – ek nei it sjen fan in fideo oer Eise Eisinga – oanjaan wa't Eise Eisinga is en wat er dien hat. Se kinne dêr koarte Fryske sinnen oer skriuwe foar de (muorre)krante. Se wurkje oan de doelen dy't boppe dizze taalaktiviteit steane.
- Nivo **: De learlingen lêze in tekst oer Eise Eisinga en kinne dêr geskikte ynformaasje út helje om in stik te skriuwen. Der wurdt dan ek wurke oan it doel Lêzen/A2/Kin yn ienfâldige, alledeiske teksten spesifike, foarsisbere ynformaasje fine dy't hy/sy nedich hat en Skriuwen/A2/Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn.

- Nivo ***: De learlingen lêze in tekst op nivo *** en kinne dêr geskikte ynformaasje út helje om in stik te skriuwen. Dan wurdt der wurke oan de doelen by nivo ** en oan Skriuwen/B1/Kin feitlike ynformaasje gearfetsje.

Besjoch per learling op watfoar nivo oft se dizze opdracht dwaan kinne. As de learlingen mei-inoar lêze meie en mei-inoar oer de tekst prate meie, kin in wat dregere tekst dochs begrepen wurde.

Stimulearje de learlingen om yn it oerlis oer de opdracht Frysk mei-inoar te praten. Daagje Frysktalige learlingen út om harren taal fêst te hâlden, ek as sy gearwurkje mei learlingen dy't net Frysktalich binne. Op dy manier helpe sy net-Frysktalige learlingen by it harkjen en ferstean fan it Frysk.

It ferhaal 'Eise Eisinga en ik' (sjoch materialen by de taalaktiviteit) is geskikt foar learlingen fan groep 7 en 8. De goede lêzers kinne it ferhaal sels lêze, mar it is ek tige geskikt om foar te lêzen (of om de beskikbere audio derby oan te setten, sadat de bern harkje kinne nei it ferhaal). It ferhaal hellet Eise Eisinga nei dizze tiid.

De tekst 'Eise Eisinga en syn planetarium foar 7&8' is foar de hiele goede lêzers of om foar te lêzen.

Praat nei oanlieding fan de 'canonclip 25'-filmkes foar groep 5/6 en 7/8 fierder nei oer de planeten en stjerren en oer natuerferskynsels dêr't minsken bang fan wurde kinne.

Foar in moaie lay-out kin de skriuwles en/of tekenles ek ynset wurde om fierder te wurkjen oan de (muorre)krante.

In besite oan it planetarium fan Eise Eisinga yn Frjentsjer makket dizze taalaktiviteit hielendal ôf. Sjoch ek by 'Ekstra' foar ynformaasje oer it planetarium.

Mear oer it sinnestelsel yn it Frysk? Sjoch ek by de taalaktiviteit 'Reis troch de romte' by it tema 'Wiis mei ús planeet!'.

Evaluaasje

It observaasjeinstrumint 'nijsberjocht' fan it domein skriuwen kin by dizze aktiviteit ynset wurde.

De observaasjeinstruminten binne te finen by 'Evaluaasje'.

Brûk de observaasje om de ûntjouwing fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te folgjen binne, lit dy dan leech.

Projekten

23, 24, 25, 26. De krêft fan de natuer

Hantlieding foar de learkrêft

De natuer hat in geweldich soad krêft. Tink mar oan de útbarsting fan in fulkaan of in oerstreaming. Mar ek yn lytse dingen kinst de bysûndere krêften fan de natuer sjen. Yn de projektopdracht meitsje de learlingen in Frysk stappeplan foar in eksperimint. Se fiere de stappenlannen fan inoar út.

Doelen

Oan ûndersteande doelen wurdt wurke yn de projektopdracht fan dit tema. Dy doelen wurde ek oanfinkt yn it referinsjeramt.

Lêzen

- (op wei nei) A2 - Kin ynstruksjes mei yllustraasjes begripe
- (op wei nei) B1 - Kin dúdlik skreaune ynstruksjes begripe

Skriuwen

- (op wei nei) A2 - Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn

Yn petear

- (op wei nei) A2 - Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje
- (op wei nei) B1 - Kin útstellen dwaan om problemen op te lossen en besluten te nimmen.

Tarieding

- Klik troch de projekten en de nivo-opdrachten om dy te ferkennen. By 'Ekstra' yn dit projekt binne teksten te finen oer natuerkrêft en in filmke fan de útbarsting fan in fulkaan.
- Tink nei oer hoe't de learlingen oan 'e slach geane. Ferdiel de klasse yn heterogene groepkes fan twa of trije learlingen op basis fan thústaal en taalnivo. De net-Frysktalige learlingen hawwe sa steun oan de Frysktalige learlingen.
- Sykje wat foarbylden fan eksperiminten op ynternet. Dat kin in filmke wêze fan de útfiering fan in eksperimint of in omskriuwing fan in eksperimint.
- Tink alfêst nei oer de útfiering fan de eksperiminten. Wat is in geskikte romte? Is der help nedich fan begelieders? Moatte de learlingen de eksperiminten útfiere kinne yn de klasse of meie se ek nei bûten? Dat hat gefolgen foar de eksperiminten dy't de learlingen kieze kinne.

Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan de Projektopdracht.

Lês dy mei-inoar troch en praat oer eksperiminten en proefkes. Hawwe de learlingen wolris in eksperimint útfierd dat oer krêften yn de natuer gie? Watfoar natuerkrêften kenne de learlingen? Lit in foarbyld fan in eksperimint sjen. Besjoch mei de learlingen wat der allegear nedich is foar it útfieren fan it eksperimint en betink oer watfoar krêft it eksperimint giet.

2. Wiis de learlingen op it ûnderdiel 'Tarieding' fan de Projektopdracht.
Dêr fine se tips foar it útfieren fan de opdracht, û.o. links nei websites mei eksperiminten. Praat mei de learlingen oer it útfieren fan de opdracht. Fertel se wêr't de eksperiminten útfierd wurde sille. Dat is belangryk foar de kar fan in eksperimint. Lit de learlingen ek neitinke oer de materialen dy't derfoar nedich binne. Binne dy beskikber? Binne der noch oare beheiningen? Meie de learlingen bygelyks wol of gjin eksperiminten mei fjoer útfiere? Jou de beheiningen dúdlik oan.
3. Meitsje ôfspraken oer de planning.
Wannear moat it Fryske stappeplan klear wêze?
4. Begelied de learlingen as dat nedich is.
Tink dêrby oan it kiezen fan in eksperimint dat ek praktysk út te fieren is, of it yn it Frysk opstellen fan it stappeplan. Wiis de learlingen op it wurdboek dat rjochtsboppe yn it menu te finen is, dat brûkt wurde kin by drege wurden. Stimulearje de learlingen om yn it Frysk oer de opdracht oer te lizzen. As de Frysktalige learlingen harren taal fêsthâlde, kinne se net-Frysktalige learlingen helpe by it ferstean en sprekken fan it Frysk.
5. Lit de learlingen de nivo-opdrachten by it projekt meitsje.
De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne oan 'e slach mei wurdskat oefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Der binne giele opdrachten foar de learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk en blauwe opdrachten foar learlingen dy't better thús binne yn it Frysk. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal en kinne eventueel tagelyk útlein of besprutsen wurde.
6. Besjoch fan tefoaren de eksperiminten dy't de learlingen betocht hawwe.
Hoe kinne dy feilich útfierd wurde? Is der ekstra begelieding nedich by de eksperiminten? Freegje dy dan bygelyks fan âlders. Kinne de eksperiminten yn in sirkwyfoarm foar alle groepkes oanbean wurde of wurde de eksperiminten ien kear útfierd? Soargje dat alle nedige materialen oanwêzich binne.
7. Fier de Projektopdracht út.
Fertel de learlingen hoe't de útfiering fan de eksperiminten derútsjen sil. Se sille in eksperimint útfiere dat troch in oar groepke taret is. Freegje de learlingen om de stappeplannen goed te besjen en te folgjen. Kloppet it wat dêr stiet? Ferdiel de stappeplannen foar de eksperiminten oer de groepkes en lit de eksperiminten útfiere.
8. Praat nei de útfiering oer de opdracht.
Hoe is it gien? Under 'Utfiering' yn de projektopdracht steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.
9. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje.
De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit projekt. Der is in Fryske en in Nederlânske ferzje fan de selsevaluaasje. De learlingen kinne kieze hokker ferzje se ynfolje.

Differinsjaasje

- Moedigje de learlingen oan om mei-inoar yn it Frysk oer te lizzen oer de opdracht. Frysktalige learlingen kinne learlingen dy't net-Frysktalich binne sa op in natuerlike wize helpe mei it ferstean en praten fan it Frysk.
- De útfiering fan it projekt kin op ferskillende wizen plakfine. De eksperiminten kinne yn in sirkwyfoarm dien wurde. Dan dogge alle learlingen meardere eksperiminten. Learlingen sjogge meardere eksperiminten en binne tagelyk oan 'e slach. Der moat dan wol genôch materiaal wêze om meardere kearen in eksperimint út te fieren. En der moat ek rekken holden wurde mei de tiid dy't it útfieren fan it eksperimint kostet. Der kin ek foar keazen wurde dat de learlingen allegear tagelyk ien eksperimint útfiere oan 'e hân fan in stappeplan. Dat is fansels it stappeplan fan in oar groepke; dêrmei wurdt it belangriker dat it stappeplan dúdlik is. Alle learlingen binne dan tagelyk oan 'e slach, mar fiere mar ien eksperimint út.
- Of der wurdt keazen foar it útfieren fan de eksperiminten foar de klasse. In groepke fiert it stappeplan fan in oar groepke út, wylst de klasse dêrnei sjocht. Op dy wize sjogge de learlingen alle eksperiminten.
- In kombinaasje fan dizze foarmen is fansels ek mooglik.
- Dit projekt wurket oan Fryske taaldoelen op it mêd fan skriuwen. De easken oan it Fryske skriuwen kinne leger of heger steld wurde, op basis fan it taalnivo fan de learlingen. As jim skoalle noch net wurket oan taaldoelen op it mêd fan skriuwen, dan kin der ek foar keazen wurde om it stappeplan as audio of fideo opnimme te litten. Learlingen wurkje dan wol oan it helder ferwurdzjen fan in ynstruksje yn it Frysk, mar dat dogge se dan mûnling yn plak fan skriftlik. Dêrmei wurkje se dus net oan de skriuwdoelen sa't dy hjirboppe oanjûn binne, mar wol oan taaldoelen op it mêd fan sprekken en harkjen.

Evaluaasje

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje. De selsevaluaasje kin yn it Frysk en yn it Nederlânsk makke wurde. De selsevaluaasjes binne te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

It observaasjeinstrumint 'Skriftlike ynstruksje' kin brûkt wurde om ûnôfhinklik de taalûntwikkeling op it mêd fan it skriuwen fan in ynstruksje yn kaart te bringen. Dat observaasjeinstrumint is te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

Stavering en skriuwen

De stomme letters

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de stomme letters hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

Regels

De regels dy't by de de stomme letters hearre binne:

- Foar de d en t hearst de l net, mar skriuwst him wol.
- Foar de d, n, s en t hearst de r net, mar skriuwst him wol.
- Der binne noch mear letters yn it Frysk dy't je soms wol skriuwe, mar net útsprekke.

Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De stomme letters'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

Sichtber yn 'e klasse

Wurdlist stomme letters

gers	
âld	
bern	
kâld	
burd	

By it skriuwen fan teksten

De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website www.frysker.nl hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

28. Lekke bân! Wat no?

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen kinne yn stappen fertelle hoe'tst in bân plakke moastst.

Tiidpaad

50 minuten.

Doelen

Dizze lesdoelen binne keppele oan doelen út it referinsjeramt en wurde automatysk ôffinkt.

- De learlingen lústerje nei de ekspert dy't yn it Frysk fertelt hoe'tst in bân plakke moastst (Harkjen/A2/Kin oankundigingen of in koarte útlis begripe en Harkjen/B1/Kin ienfâldige, technyske ynformaasje begripe).
- De learlingen kinne neifertelle wat de stappen binne om in bân te plakken (Sprekken/A2/Kin yn it koart beskriuwe hoe't hy/sy wat dwaan moat of hoe't wat wurket).

Sjoch by 'Differinsjaasje' foar mear doelen om mei dizze Taalaktiviteit oan te wurkjen.

Tarieding

- Soargje foar in fyts mei in lekke bân.
- Nûgje in ekspert út yn de klasse dy't de bân plakke kin en yn it Frysk stap foar stap útlizze kin hoe't dat moat. Of doch dat eventueel sels.
- Tink nei oer de organisaasje. It kin handich wêze om in gruttere groep te splitsen yn lytsere groepkes, om de learlingen goed sicht te jaan op wat der bart. Binne der dan mear eksperts? Of is der in ekspert dy't meardere kearen in demonstraasje jout?
- Tink nei oer it nivo fan de opdracht. Yn de beskriuwing fan de Taalaktiviteit en by 'Differinsjaasje' wurde ferskillende nivo's oanjûn.

Beskriuwing

1. Yntroduksje fan it ûnderwerp.
Hast elkenien hat wol in fyts. Praat dêroer mei de learlingen. Watfoar soarten fytsen binne der? Hoefolle fytsen binne der by harren thús? Wat as der wat mei de fyts is? Bringse dy dan nei de fytsmakker of kin mem of heit of miskien de learling sels dêr dan wat oan dwaan?
2. Utlis fan de opdracht.
Yntrodusearje de ekspert en fertel dat hy of sy de learlingen sjen litte en fertelle sil hoe'tst in bân plakst. Fertel der ek fuort by dat de learlingen aanst frege wurdt om yn it koart nei te fertellen hoe't dat moat. By it wurkjen op nivo * harkje de learlingen nei

de ekspert en sjogge se nei wat hy of sy docht. Nei de demonstraasje fertelle se oan 'e hân fan yllustraasjes nei wat de stappen binne. Der binne yllustraasjes te finen by de taalaktiviteit, mar der kinne fansels ek eigen foto's brûkt wurde. Meitsje dy foto's dan ûnder de demonstraasje. By nivo ** harkje en sjogge de learlingen nei de demonstraasje fan de ekspert en skriuwe se nei de demonstraasje in stappeplan by de yllustraasjes. By nivo *** dogge de learlingen itselde as by nivo **, mar meitsje se harren eigen stappeplan en yllustraasjes. Sy moatte dan ek neitinke oer it oantal stappen en wat der op de yllustraasje te sjen is.

3. De learlingen harkje en sjogge nei de demonstraasje fan de ekspert. Stimulearje de learlingen om fragen te stellen as se it net goed sjogge of as se net goed begripe wat de ekspert fertelt. Meitsje yn dizze faze eventueel foto's om te brûken by de neifertelling (nivo *) of it stappeplan (nivo **). Learlingen kinne ek oantekeningen meitsje as stipe by it neifertellen (nivo *) of skriuwen fan it stappeplan (nivo ** en ***).
4. De learlingen tinke nei oer wat de stappen binne. Lit de learlingen de yllustraasjes by de taalaktiviteit of de selsmakke foto's goed besjen en betinke wat se dêr yn it Frysk oer sizze kinne. Dat kin yndividueel of mei in groepke. Foar nivo ** en ***: lit de learlingen wurkje oan harren skreaune stappeplan. Foar drege wurden kinne se it wurdboek brûke (bgl. op www.frysker.nl).
5. De learlingen fertelle hoe'tst in bân plakke moatst. Dat dogge se oan 'e hân fan de yllustraasjes of de selsmakke foto's. Op nivo ** skriuwe se de stappen ûnder de yllustraasjes en op nivo *** betinke en meitsje se sels ek de yllustraasjes. de learlingen dy't op dizze nivo's wurkje, sille wat mear tiid nedich hawwe. Lit ek de learlingen dy't wurkje op nivo ** en *** fertelle oer harren stappeplan. Dizze stap kin ek yn groepkes útfierd wurde.
6. Besprek de opdracht nei. Praat mei-inoar oer de opdracht. Dizze fragen kinne dêrby helpe: Hiene jim wolris earder besjoen hoe't in bân plakt wurde moat? Gie dat op deselde manier as dat de ekspert it die? Hoe gie it mei it Frysk? Koene jim de ekspert goed begripe? Koene jim sels de goede wurden fine? Soene jim no sels in bân plakke kinne?

Differinsjaasje

Yn de beskriuwing binne trije nivo's oanjûn wêrop't wurke wurde kin yn dizze aktiviteit. Wat mear stjerkes it nivo, wat mear doelen oft oan wurke wurdt. De doelen fan nivo * wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. De ekstra doelen fan nivo ** en *** wurde net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. Om ynsjoch te krijen yn de ûntwikkeling fan de yndividuele learlingen kinne de observaasjeinstruminten brûkt wurde. Sjoch it kopke 'Evaluasje'.

- Nivo *: De learlingen harkje en sjogge nei de demonstraasje fan de ekspert. Se fertelle oan 'e hân fan yllustraasjes nei wat se sjoen hawwe. Learlingen wurkje oan de doelen dy't boppe-oan dizze taalaktiviteit oanjûn binne.
- Nivo **: De learlingen harkje en sjogge nei de demonstraasje fan de ekspert. Se skriuwe in stappeplan by de yllustraasjes en fertelle dêroer. As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der ek noch wurke oan it doel Skriuwen/B1/Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn en Skriuwen/B1/Kin feitlike ynformaasje gearfetsje.
- Nivo ***: De learlingen harkje en sjogge nei de demonstraasje fan de ekspert. Se skriuwe

in stappeplan, meitsje yllustraasjes en fertelle dêroer. As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der mear útwreide wurke oan it doel Skriuwen/B2/ Kin in begryplike gearfetting meitsje.

Besjoch per groepke op watfoar nivo oft se dizze opdracht dwaan kinne.

Stimulearje de learlingen om yn it oerlis oer de opdracht Frysk mei-inoar te praten, om sa te wurkjen oan de 'yn petear'-doelen. Daagje Frysktalige learlingen út om harren taal fêst te hâlden, ek as sy gearwurkje mei learlingen dy't net Frysktalich binne. Op dy manier helpe sy net-Frysktalige learlingen by it harkjen en ferstean fan it Frysk.

Foar learlingen dêr't de praatdrompel noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net Frysk te praten yn it oerlis en de presintaasje fan it filmke. Sy wurkje dan net oan doelen op it mêd fan yn petear gean en sprekken, mar wol oan doelen op it mêd fan harkjen en ferstean fan it Frysk, troch it Frysk fan de oare learlingen.

Meitsje dizze taalaktiviteit noch sinfoller troch de learlingen ek echt sels in bân plakke te litten. Dat kin bygelyks yn in technykles. Slagget it de learlingen om oan 'e hân fan harren eigen stappeplan de bân te plakken?

Evaluasje

It observaasjeinstrumint 'mûnling oerlis' kin by stap 4 en 5 ynset wurde. Meitsje in kar om learlingen yndividueel te observearjen of as groepke (brûk dan it ynstrumint foar it observearjen fan de groep). Brûk it observaasjeinstrumint 'skriftlike ynstruksje' nei stap 5 as der wurke wurdt op nivo ** of ***. De observaasjeinstruminten binne te finen by 'evaluaasjematerialen'.

Brûk de observaasjes om de ûntjouwing fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te foljen binne, lit dy dan leech.

Frisia Lêsbegryptoets

Hantlieding foar de learkrêft

Mei de Frisiatoetsen krigest grip op de Fryske wurdskat en grammatika. Brûk de toetsen om in yndruk te krijen fan it ynstapnivo én de fuortgong fan de learlingen. Dat kin helpe om it Fryske les oanbod op de learling(en) ôf te stimmen.

Foar wa?

- De Frisia Basistoets is geskikt foar groep 7-8 yn it basisûnderwiis, vmbo-t en ûnderbou havo/vwo yn it fuortset ûnderwiis.

Organisaasje

Nim de B1.2 Eintoets foar groep 8 ôf oan de ein fan it skoaljier. De toets tsjinnet as einmjitting om de fuortgong fan de learlingen yn kaart te bringen en is kwa dregens ferlykber mei de Starttoets.

De toets duorret 30 minuten en bestiet út twa teksten mei yn totaal sa'n 20 fragen

Evaluaasje

In skoare tusken de 58% en 78% jout oan dat in learling it nivo fan de toets behearsket.

Referinsjenivo's

< **A1** betsjut dat in learling ûnder it A1-nivo sit.

A1.1 (= A1) betsjut dat in learling yn alle gefallen in pear losse dingen fan it Frysk ken, lykas telwurden, groeten, de dagen fan de wike en sa fierder.

A1.2 betsjut dat in learling ûnderweis is nei A2.1.

A2.1 (= A2) betsjut dat in learling koarte teksten oer maklike ûnderwerpen mei frekwinte wurden út de sprektaal begrypt.

A2.2 betsjut dat in learling ûnderweis is nei B1.1.

B1.1 (= B1) betsjut dat in learling langere teksten mei faak foarkommende wurden út de skriuwtal begrypt.

B1.2 betsjut dat in learling hiel maklik dregere teksten oer skoalleûnderwerpen fan meardere bledsiden begrypt.

B1+ betsjut dat in learling flot lange en dregere teksten oer alderhanne ûnderwerpen begrypt.

De Frisia Basistoets is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik op 'GRIP' yn it linker menu en kies dan foar Frisiatoetsen - Frisia Basistoets. Klik op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe om de toets klear te setten foar de learlingen.

Stavering en skriuwen

De letters hj

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letters hj hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

Regels

De regels dy't by de hj hearre binne:

- Wurden mei hj moatst út e holle leare.

Tarieding

Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne. Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letters oai'. Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

Differinsjaasje

As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet. Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

Sichtber yn 'e klasse

Wurdlist letter oai

hjerring	hjernei
hjir	hjrby
hjoed	
hjerst	
hjouwer	

By it skriuwen fan teksten

De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website www.frysker.nl hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.